

Snoeikursus

De Hofkesjongers hawwe it ynisjatyf nommen foar it fruitfjild, tsjin de Amerikaanse wynmotor en de bijgreide oer. Wy hawwe mei help fan pleatselik belang en de doarpskoördinator fan de gemeente in plan makke om 25 fruitbeammen yn Goaiïngaryp te plantsjen. Njonken de beammen dy't betelle binne út de donaasjes út it doarp, is der ek subsidzjejild oanfrege foar de oare kosten, wêrûnder in snoeikursus.

Der wiene 10 kursusplakken te fersizzen en der wie in protte animo. Der hawwe 11 man/frou meidien. De kursus waard organisearre troch Landschapsbeheer ûnder begelieding fan Auke Kleefstra, dy 't ek de beammen fruitbeammen levere hat.

De teoryjûnen waarden holden yn de Pleats yn Terherne, dêr 't im groep fan sa'n 25-30 man oanskode om mear te learen oer snoeien fan fruitbeammen. De minsken kamen út hiel Nederlân wei en fral rûnom út Fryslân. Dat de kursus yn Terherne wie, wie ynjûn troch it grutte kursustal út ús doarp. Op de jûn waard yngongen op de groei, bloei en snoei fan de beammen. De kursisten witte no dat in appelbeam oars snoeit wurde moat as in parrebeam en dat de tiid fan snoeien fan in kers, prom, nût of mangel mooglik ferskilt.

De praktykdei waard holden op twa plakken. De teorie fan it snoeien fan âlde fruitbeammen waard holden by Arnold en Bea yn Akmaryp, wilens de kursisten middeis bypraat waarden oer de teory fan it snoeien fan de jonge beammen by de Hofkesjongers op it fruitfjild yn Goaiïngaryp. De praktykdei waard begelaat troch trije heechstambrigadiers fan Landschapsbeheer.

Yn Goaiïngaryp binne mear brigadiers dy't kennis en kunde hawwe. Sy sille de nije oanwas heechstamsnoeiers begeliede by it snoeien fan de beammen yn it doarp. 30 maart hat Corriet van Rossen mei guon kursisten de fruitbeammen by de boarterstún snoeit. 6 april sille de âlde beammen út de tún fan Joop Bartijn en Marga Brink snoeit wurde ûnder begelieding fan de hear Emile Dil, dy't graach helpe wol (hy wennet op it String). Dêrnei folget noch in snoeidei. Minsken dy't harren beam graach snoeit hawwe wolle, hawwe dat oanjûn by Corriet van Rossen dy't de motor fan de Hofkesjongers oan de praat hâldt.

Mei in fruitige groet fan De Hofkesjongers,
Corriet van Rossen
Ineke Bloemers
Ciska Noordmans